


De Twirre



juny 2023



Freonen Fryske Kultuer, Fryske krite yn Twente

De Twirre, 40e jiergong nr. 2: juny 2023. De Twirre is it fearns-
jiersblêd fan de krite Freonen Fryske Kultuer út Twente.
Kopij foar it kommende nûmer graach foar 1 septimber by de redaksje.

Bestjoer Freonen Fryske Kultuer

Foarsitter	Siebe Hiemstra totzondag@gmail.com	till.	0546 - 840 484
Skriuwer	Auke Hoekstra Barmntlo 18, 7161 KH Neede a.hoekstra1@lijbrandt.nl		06 33 69 49 32
Ponghâlder	Pier Bergsma pu.bergsma1944@gmail.com		0546 - 57 57 30
Leden	Grieteke van der Veer gpvdveer@gmail.com Grietsje Posthumus grijshengelo@gmail.com vakature		074 - 291 8564 06 51 99 09 19 074 - 242 7217
Redaksje Twirre	Ali Bonhof, Reviusstraat 77, 7552 GH Hengelo lj.bonhof@gmail.com		

Webstek Frysk Boun om Utens: www.fryskbutenfryslan.frl

Lid fan de krite

Kontribúsje: 20 Euro yn 't jier. Foar in húshâlding 35 Euro. Rekken-
nûmer: NL08 INGB 0004 2915 44 op namme fan Freonen Fryske Kultuer.

Wolkom nije leden

Sawat in jier lyn hat Immy Postma - Kleefstra har al opjûn as nij lid fan
de krite. Wy hoopje dat se it by ús nei 't sin hat. Graach oant sjen op ien
fan de krite-aktiviteiten.

Belangrike data

Tiisdei 12 sept. Kritereiske nei Harns, Frjentsjer en Dronryp. Opjaan by Grieteke van der Veer. Start: 8.00 oere by Van der Valk yn Hengelo.

Sneon 16 sept. It Frysk Boun om Utens bestiet 100 jier! Feest yn Swolle. Opjaan by skriuwer Auke Hoekstra of by foarsitter Siebe Hiemstra.

Oktober Wierskynlik de film “Grutte Pier” yn Concordia.

Simmer 2000 Liet

*Fryslân do libbest, do libbest yn myn hert
Gjin dei dat ik net even oan dy tink
Der baarnt in fjoer yn my, in libbenslang ferlet
Dy te rûken, dy te sjen, dyn taal te hearren
Myn byld fan dy is noch net skansearre
Dyn wylde loften, de sinne oer it Waad
Boerepleatsen yn it beammeskaad
De âlde toer dy't tolve oere slacht
De fiere lûden yn de stille nacht
Fryslân do libbest, do libbest yn myn hert
Al bin ik fier fan dy, ferjit my net
Fryslân ferjit my net*

refr.

*Bin ik werom dan fyn ik op 'e taast de paden
As ik werom bin, stiet de flagge op 'e toer
Bin ik werom dan stiet it fee te pronkjen
As ik werom bin, giet dat nijs as diggelfjoer.
Bin ik werom dan sjoch ik al myn âlde freonen
As ik werom bin, rint it libben út 'e hân
Bin ik werom dan wol ik feesten fiere
As ik werom bin, leit it hea wer op it lân.*

Baukje Wietsma

It Kritereiske giet oan op tiisdei 12 september

Op 12 september is de start om 8 oere by Hotel van der Valk, Bornsestraat 400, Hengelo. Ek dit jier gean we mei Richters Reisen.

Underweis ha wy in stop om kofje te drinken en we hoopje om 11 oere oan te kommen yn **Frjentsjer** foar in besyk oan it Planetarium fan Eise Eisinga. Eisinga waard berne op 21 febrewaris 1744 yn Dronyp. Hy waard wolkammer mar hie belangstelling foar stjerrekunde en wiskunde. Hij troude yn 1768 en sette him te wenjen yn Frjentsjer. In 1774 boude hy yn syn wenkeamer in model fan it sinnestelsel. Hij wurke der sân jier oan. Sûnt 1781 folget it model hiel krekt de banen fan seis planeten fan ús sinnestelsel. Dêrmei is it it âldste planetarium yn 'e wrâld. It Eise Eisinga Planetarium is keazen út mear as 300 kandidaten ta "It moaiste fan Fryslan". We ha hjir in rûndlieding oant 12 oere ta. Dan ride we nei **Harns** en farre oan board fan de "Singel Prinses"

troch de moaie grêften. Oan board krije we in breamiel. Dizze tocht duorret ûngefear oardel oere. Dan bringt de bus ús nei de bertepleats fan ús foarsitter Siebe yn **Dronryp**, wêr't we tsjûge wêze kinne fan it wurk en it libben op in hjoeddeiske buorkerij. Om dy tiid wurde de kij ophelle foar it melken. We geane wer rjochting Twente en we hoopje sawat om 19.00 oere wer thús te wêzen. We tinke dat it ek dit jier in gesellige dei wurde kin en we hoopje fansels wer op moai waar! Opjaan foar 15 augustus by Grietke, 074-2918564 of 0651990919 of mail: gpvdveer@gmail.com De kosten sille 60 of 65 euro wêze, ôfhinklik fan it tal minsken dat meigiet. In museumjierkaart of vriendenloterijkaart is net jildich. Der kinne ek net-leden mei. □



Jubileum 100 jier FBoU - sneon 16 septimber 2023



Alle Friezen om Utens binne dy dei wolkom yn Wyksintrum SIO, Thorbeckelaan 2 - 8014 AZ Swol. Programma:

10.00 - 10.50 o. Ynrin

11.00 - 11.20 o. Wolkom / Iepening / Frysk folksliet

11.20 - 11.30 o. Grytsje Kingma en Rob du Jardin

11.30 - 11.45 o. Taspraak bekende Fries om utens

11.45 - 12.00 o. Utrikken Jubileumboek oan Hâns Dijk en Jitske Kingma

12.10 - 12.20 o. Grytsje Kingma en Rob du Jardin

12.20 - 12.32 o. Utrikking predikaat KENINKLIK

12.32 - 12.40 o. Jubileumliet troch Grytsje Kingma en Rob du Jardin

12.40 - 13.50 o. Lunsj - toast útbringe op 100 jier FBoU

14.05 - 14.30 o. Bounskoar (Swol, Boadegraven en Lelystêd) sjongt

14.35 - 15.00 o. Gurbe Douwstra treedt op

15.00 - 15.20 o. Skoft

15.30 - 17.00 o. Spesjaal Jubileumprogramma fan HYMPHAMP

17.00 - 18.00 o. Tiid foar moeting en petear

18.00 - 19.15 o. Waarm en kâld buffet

19.15 - 19.30 o. Ofsluting - prizen fan de ferlotting ôfhelje



(Opstjoere nei: foarsitter Siebe Hiemstra of skriuwer Auke Hoekstra)

Opjefte-formulier Jubileumfeest FBoU 100 jier sneon 16 septimber 2023.

Jawis, ik / wy komme nei Swol foar dit Jubileumfeest

Namme :0 ien p./ 0 twa p.

Adres :

Wenplak :

e-mailadres :

0 de hiele dei - 25,00

0 allinnich moarns (sûnder lunsj) - 10,00

0 allinnich middeis (mei lunsj) - 15,00

0 evt. dieet-winsken

Kosten oermeitsje op rekkennûmer NL94 INGB0 0003 200 77 fan it FBoU yn Hoarn fermelde mei namme en FBoU100.

De grins

Doe 't ik lang lyn yn Ter Apel wenne, wiene dêr twa húsdokters. De iene wie in kettingsmoker. By eltse kwaal dy't je hiene, sei er "Beslist net meer drinke, dat is o sa ferkeard!" De oare dokter mocht graach in bierke. By eltse kwaal dy't syn pasjinten hiene, sei hy: "Drekst stopje mei 't smoken, dat is o sa ferkeard!" Om 't er net woe, dat de minsken seagen dat er graach dronk, gong er sneontejûns faak mei in freon nei in kafé yn in doarp krekt oer de grins yn Dútslân. Op in jûn let kamen se wer werom, mar it wie oer tolven en de grins wie al ticht. Se woene prebjerje yn 'e ûnderwâl lâns foarby de douane te kommen. De freon fan 'e dokter gong earst, hy kroep yn 'e ûnderwâl, mar de douaneman hearde tink wat en kaam út syn hokje en rôp: "Wer da?" "Woef, waf," die de freon en de douane sei: "Ach, ein Hund," en gong wer yn syn hokje. Doe moast de dokter noch yn 'e ûnderwâl del. Ek no hearde de douaneman eat, kaam út syn hokje en rôp: "Wer da?" De healbeschonken dokter rôp: "Wieder ein Hund!" Tsja...

Op in moaie dei wie in man, flakby de grins oan 't kuijerjen. Hy moast efkes út 'e broek en ferdwoen yn 'e boskjes. In douaneman dy 't dêr tafallich oanfytsen kaam, seach it en gong der efteroan. Yn 'e boskjes seach er de man ferskûle op 'e hurken sitten en frege him strang: "*Waar zijn uw papieren?*" "Och," sei de man: "Ik doch it wol mei in toppe gers!"

□ Siebe H. Hiemstra

Famyljeberjochten

Op 30 maaie is ús lid Jaring Bakker út Goor ferstoarn, Jaring wie 94 jier. Jaring en syn frou Aukje wienen trouwe leden fan de krite en ha beide ek in skoft meisongen yn de Twirresjongers. By de foarstelling "De Emigrant" yn 2014 yn de Waarbeek, ha we noch foar se klapt omdat se doe 60 jier trouw wiene.

Op 3 juny ferstoar ús lid Willem Ykema yn 'e âldens fan 86 jier. Willem en syn frou Joukje wienen al lang lid fan de krite en wienen geregeld oanwêzich by ús aktiviteiten.

Wy winskje de neibestenden sterkte mei it ferlies.

Kosmopolyt

Hoelang wie't al net lyn dat ik Fedde sjoen hie? Yn 'e oarlochsdagen fan 40 wie'k mei him yn tsjinst. Doe wenne er yn Aldhoarne. Ik koe him earst net iens. Dat waard stadichoan better. Mei't wy wat langer praten, rekken wy wer hielendal meiïnoar thús. It gyng oer en wer op in freegjen fansels. "En, wennest noch altyd yn Aldhoarne?" Dêr moast Fedde om laitsje. "Sa honkfêst binne wy net. Ik ha altyd tsjin Hoatske sein, moast hjir om tinke, de wrâld is grutter as Aldhoarne. As wy skielk ophâlde hast mar te sizzen wêrst hinne wolst. Wy kinne alle kanten út. Doe't safier wie, binne wy nei Jobbegea gien. Dêr wenje wy noch. It is wol net sa fier fan de Hoarne ôf, mar dêr giet it net om. It is in oar plak no? Wat kin't dan skele wêr't it leit. Wy hiene foar't selde yn Mildam of Ketlik telâne komme kinnen. Dêr hie'k de hân ek net foar omdraaid. It is Jobbegea wurden en it foldocht bêst."

□ Paulus Akkerman út: "Wat wie 't wat"

Even puzelje

De oplossing fan de foarige puzel wie: *bargebitten*. Dat wurdt wurdt eigentlik mar yn ien ferbân brûkt: "It wurdt bargebitten". Dat betsjut: it boartsjen draait út op rûzje. No nochris in rebus, ek wer út it Lyts Frysk Puzelboek fan Gerbrich de Jong. Fan de neikommende plaatsjes kinne jo ek wer in moai Frysk wurd meitsje. It hat te krijen mei frije dagen. □ Eeke



-EE

-N

K=G

-H
U=E

Fryske siswizen

- Men moat net alles sizze wat men wit, mar wol alles witte wat men seit.
- It komt der net op oan hoe âld men is, mar hoe't men âld is.
- As dwaan net doocht, is litten better.
- Dy't folle seit, moat folle wiermeitsje.
- Gjûn gerop en gjûn geklei, op is op en wei is wei.
- De hazze en de slak hawwe op 'e selde dei âldjier.

Sjoch ris yn *Ouwe Syl*

Op Himelfeartsdei giene myn man en ik, mei sa'n 150 oaren, op eks-kurzje by in 5-tal Fryske fermanjes (doopsgesinde tsjerken) del, Berltsum, *Ouwe Syl*, Hallum, Stiens en Ljouwert.

It binne meastal ûnopfallende gebouwen, faak wat ferskûle achter in wenning of in eintsje fan de dyk ôf. En fansels ha se gjin toer. De tsjerkesealtsjes binne sober ynrjochte, wol mei oargel en preekstoel en in inkeld wandboerd. It saneamde “vermaningpad” wurdt elk jier yn in oar part fan Nederlân holden, no dus, op 'e fyts of mei de auto, yn it noarden fan Fryslân.

Sa kamen we û.o. yn Aldebiltsyl, dat wurdt no *Ouwe Syl* neamd, op syn Bildtsk dus. En dy fermanje dêr hat wòl in toer. Dy wurdt de Julianatoer neamd en it is in beskieden tuorke, dy't op in hûs stiet foar de tsjerkeseal. Der sit fansels in ferhaal achter; ûntdek dat sels mar. Der wurdt noch mar ien kear yn't jier, mei Pinkster, in tsjinst holden.

De tsjerke wie no ynrjochte as eksposysjeromte foar in pleatslike keunstskilder. It is in ûnderdiel fan de saneamde Aerden Plaats. En dêr falt ek in VVV kantoerke, in museum, in útjou-/ ynsamelplak fan Fryske boeken en in flindertún ûnder. It gehiel is (hast) alle dagen iepen. Flinders ha we net sjoen, mar it wie in prachtich oanleine



tún mei in soad smûke sitsjes; de hichteferskillen wiene oanbrocht mei muorkes fan sloopte gebouwen, mar wiene no moai begroeid. En it moaie fan sa'n Vermaningpad-dei is, dat je wyldfrjemde minsken treffe, dy't dan blike ferbining te hawwen mei jins eigen ferline: in frou brocht eartiids geregeld in krantsje by myn âlders op de Blijstermieden en se herinnere har, dat dêr altyd in fierrekiker yn it finsterbank stie. Ja, ús heit en mem wennen op 'e romte en dy fierreki-

ker waard in soad brûkt. Mar sa'n detail wie ik hielendal ferjitten, mar no't se it sei..... ja, sa wie it. Wat in tafalstreffer op sa'n dei. En fierder hearden we in hiel soad Frysk praten om ús hinne. Ek moai! Ouwe Syl leit oan it begjin fan de Oudebildtdijk en dat is de langste

strjitte fan Nederlân. Hy rint hast oan Firdgum ta troch. Hy leit heech, want hy kearde froeger it wetter fan de Waadsee, dus je ha in moai útsicht op de boupleatsen oan de iene kant en de lytse dykhûskes oan de oare kant. Sjoch der mar ris op in moaie simmerdei!

□ Eeke de Boer

Museum Belvédère yn it Hearrenfean

Der wie in galeryhâlder mei in dream. Al 25 jier rûn Thom Mercurur om mei it idee in museum foar moderne Fryske skilderkeunst yn te rjochtsjen. Sawat like lang libbe by Staatsbosbeheer de winsk om it noardlike part fan Landgoed Oranjewoud yn syn oarspronklike barokke steat te rekonstruarjen. Yn 1998 fûnen Mercurur en Staatsbosbeheer inoar. En no foarmje keunst, lânskip, skiednis en natuer ien gehiel. It lege gebou fan Museum Belvédère fan arsjitekt Eerde Schippers nimt sa'n beskieden plak yn tusken himel, wetter en ierde, dat it maklik oanslút by de omjouwing dy't werom brocht is yn de styl fan de 17de iuw. Yn de kolleksje fan it museum leit de klam op moderne en hjoeddeiske keunst. De kleurflakken dêr't Gerrit Benner syn Fryske lânskip mei delset en de alsidige doeken fan Tames Oud, se passe hjir. De dream fan Thom Mercurur is útkommen. De Fryske skilders en har geastferwanten ha hjir in plak krigen dat har takomt; it moaiste museum fan Fryslân. Yn novimber 2004 waard it museum iepene troch keninginne Beatrix, direkte ôftstammeling fan de Fryske Nassau's dy't yn de 17e iuw har simmerferbliuw yn Oranjewâld hiene. Museum Belvédère: Oranje Nassaulaan 12, it Hearrenfean.

www.museumbelvedere.nl

□ Annemarie Bergfeld: 200 plekken in Friesland die je echt gezien moet hebben

It museum hat ek in moai oantal skilderijen fan Jan Mankes, dy't hjir tichtby, yn De Knipe, berne is. Jan Mankes wie troud mei Anna Zernike, de earste froulike dûmny fan Nederlân. Sy wie foargongster fan de doopsge-sinde tsjerke yn De Knipe. Yn it museum binne ek skilderijen fan Sjoerd de Vries en Willem van Althuis te sjen.

□ Ali

Eveneminten yn Fryslân: simmer 2023

Skûtsjesilen SKS

- 5 augustus Grou (start)
- 7 augustus De Feanhoop
- 8 augustus Earnewâld
- 9 augustus Terherne
- 10 augustus Langwar
- 11 augustus Ealahuzen
- 12 augustus Starum
- 14 augustus Wâldsein
- 16 augustus De Lemmer 1
- 17 augustus De Lemmer 2
- 18 augustus Snits (finale)

Keatsen

- 3 july Straatkaatsen Ljouwert
- 2 augustus PC Frjentsjer
- 9 augustus Freulepartij Wommels

Wettersport algemien

- 4 - 10 augustus Snitswike
- 25 augustus Gondelfeart Aldeboarn
- 31 augustus Gondelfeart Balk
- 30 augustus - 2 septimber Fiskerijdagen Harns
- 21 - 29 oktober Strontrace en Liereliet Warkum

Oare festiviteiten

- 9 - 18 juny Oerolfestival op Skylge
- 21 - 27 juny Heamieltdagen Boalsert
- 26 july Boerebrulloft De Jouwer
- 26 - 30 july Fryske Ballonfeesten De Jouwer
- 4 - 7 augustus Feanhoopfestival
- 23 septimber Gondelfeart op tsjillen Droegeham
- 28 - 30 septimber Flaiejelfeesten Ald- en Nijhoarne
- 5 - 7 oktober Bolletongersdei Boalsert

Skûtsjesilen IFKS

- 19 augustus Hylpen
- 20 augustus Starum
- 21 augustus Heech
- 22 augustus Sleat
- 23 augustus rêstdei of ynheldei
- 24 augustus Ychtenbrêge
- 25 augustus De Lemmer
- 26 augustus De Lemmer (finale)



Fierljeppen

2 septimber NK Fierljeppen yn Drylst

Iepenloftspullen

Easterwierrum Berne iepenloftspul “Pippi” 22 juny - 1 july

Aldwâld “Hommeles” 23 juny - 2 july

Snakkerbuorren “De Kommune” 28 juny - 8 july

Akkrum “Heksen” 21 - 24 septimber

Rottefalle “Izer” 21 - 30 septimber

Suwâld “In pakje foar signor Pandarello” 18 septimber - 7 oktober

Jorwert “Maten” 1 - 30 septimber

Spanga, it Verona fan Weststellingwerf: Opera “Jevgeni Onegin” fan Tsjaikovski, basearre op in roman fan Aleksandr Poesjkin

Der wurdt faak sein (*Froukje Annema - Noordenbos*)

Der wurdt faak sein:

*It komt net goed
mei dizze wrâld,
de wrâld fan hjoed.*

Der wurdt faak sein:


*Noch even mar
en dizze wrâld
stoart yn inoar.*

De maityd komt

*en dan is 't: Sjoch,
hoe leaflik is
ús wrâld dochs noch.*

En yn 'e pracht

*dy't maityd joech,
slacht elk fol moed
de hannen oan 'e ploech.*



Nijs út Fryslân

Gryt van Duinen stoarn. Op 4 april is Gryt van Duinen stoarn op 72-jierige leeftyd. Yn de sniewinter fan 1979 waard Gryt de stim fan Fryslân. Radio Fryslân stjoerde dagen efterinoar út en as presentatrise hold se Fryslân op 'e hichte fan it nijs oer it ekstreme waar. Hja wie yn 1975 ek de earste froulike sjoernaliste fan Omrop Fryslân. Dêrneist wie se de be-tinkster fan Simmer2000, de grutte reüny fan Friezen yn it jier 2000. Ald-foarsitter fan de Alvestêdeferiening, Henk Kroes wie dêr ek nei by belut-sen. Neffens Kroes kin Gryt de *Mem fan Fryslân* neamd wurde.

Eise Eisinga wie gjin autodidakt. Yn de argiven fan Tresoar fûn direk-teur Arjen Dijkstra in hânskrift mei de omskriuwing “Meetkunst fan WW”. Dêryn werkende er wiskundige opjeften yn Eisinga's hânskrift. De WW ferwiist nei Willem Wytzes, in wolkjimmersfeint. Hy wenne en wurke yn Frjentsjer, folge dêr wiskundelessen. Wiskunde wie it iennige fak dat ek foar studinten wie dy't gjin latyn koene. De oerienkomst fan de opjeften fan WW en Eisinga binne sa grut dat it neffens Dijkstra logysk is om oan te nimmen dat er syn lessen oan Eise Eisinga joech, op basis fan wat er sels op de universiteit fan Frjentsjer learde.

Brykste toer. Fryslân hat in toer dy't noch mear oer de side hinget dan dy fan Pisa en it is net de Aldehou. De brykste toer fan Nederlân stiet yn Miedum, efkes noardliker as Ljouwert. Eartiids stie der in tsjerke oan fêst, mar dy is ôfbrutsen. Dêrnei begûn de toer te fersakjen. Yn de 50-er jierren hat dûmny J.J. Kalma, dy't doe yn Lekkum-Miedum stie, in aksje holden foar it behâld fan de toer. Der is in muorre omhinne mitsle foar de stevichheid. De toer út de 12-de iuw is in klassike toer mei in sealtek. De toer fan Miedum hinget 4,7 graden út it lead, de Aldehou 4,2 graden. Dy fan Pisa is ea rjochter op set om foar te kommen dat er omfalle soe.

Pinkstermoandei, Fytsalvestêdetocht. Der is safolle belangstelling foar de tocht dat der twa kear lotte wurde moat ûnder de dielnimmers. Der kin-ne net mear as 15.000 minsken meidwaan. De tocht is 235 km lang en begjint en eindiget yn Boalsert. De rûte makket in soarte fan acht, mei in noardlike en in súdlike lus fanút Boalsert. Opfallend is dat der ek folle be-langstelling is út it bûtenlân, benammen út België en Dútslân. Dit jier hie-ne de fytsers prachtich waar ûnderweis. Alle dielnimmers ha de tocht fol-brocht. Foarich jier wie it waar striemin. □

Molkestaking 1943

Museum Opsterlân op 'e Gordyk, hat in eksposysje yn rjochte oer de molkestaking fan 1943. De oanlieding foar de staking wie it Dútske befehl oan alle 300.000 Nederlânske militêren om har te melden foar dwangarbeid yn de Dútske wapenfabriken.

De lulkens hjiroer wie sa grut dat yn Fryslân de boeren net mear oan it molkfabryk leveren, mar de molke yn de sleat rinne lieten. It wie de april/meistaking, dy't yn Hengelo by it fabryk fan Stork begûn wie. Yn Fryslân stiet de staking bekend as de Molkestaking. Op de eksposysje is ek it deiboek te sjen fan de Gordykster ûnderwizer Jan Eisinga, dy't troch de Dútsers op pakt waard omdat er oprôp ta in skoallestaking. It ferhaal fan de molkestaking fertsjinnet mear oandacht fynt Wilma Cuperus fan it museum. It Gordykster museum is in gaadlik plak hjirfoar, want it museum sit yn itselde gebou dêr't Eisinga tachtich jier lyn les joech en dêr't er oprôp ta in skoallestaking. It rûn net goed ôf foar de fersetsman. Eisinga waard nei oardel dei eksekutearre troch de Dútsers, dy't sa it ferset smoare woene.

De skiednis fan de molkestaking - yn oare dielen fan Nederlân bekend as de april/meistaking - sette de ferhâlding tusken de Nederlânske befolking en de Dútske besetters op skerp. It ferset waard nei de staking breder en sterker, mar

ek it Dútske geweld en de Dútske represailles tsjin it ferset namen ta. De Rânestêd die net mei, miskien bleau de aksje dêrom ûnderbeljochte. Erik Dijkstra wie fernuvere dat er der noch nea oer heard hie. Hy die ûndersyk en ûntduts dat de maaiestaking in kearpunt wie yn de besetting. Oan't doe ta wie de oarloch op it plattelân net hiel driigjend oanwêzich mar dat feroare nei 1943. Yn de earste wiken fan maaie 1943 wie de Dútske terreur tige wreed. It wie no ek yn de regio dúdlik dat de Dútsers it net goed foar hiene mei Nederlân.

Nei de stakingen kaam it ûndergrûnse ferset op gong. Fryslân waard in taflechtsoard foar ûnderdûkers en minsken út it westen dy't om iten fregen. Yn it boek dat Erik Dijkstra skreaun hat, komt it ferhaal fan de Fryske molkestaking ek oan bod.

Omdat it dit jier 80 jier lyn is, is der in soad oandacht foar, mei û.o. dus dat boek, televyzje, de eksposysje en teaterfoarstellingen. In grutte foarstelling rint de hiele simmer op fleanfjild Twente: De vergeten Twentse Lente. □

(advertinsje)



FRI
ESM
USE
UM

It Fries Museum giet oer Fryslân en de Friezen. Oer de alve stêden en it plattelân, de haat-leafde ferhâlding mei it wetter, de syktocht nei it typysk Fryske en it plak fan Fryslân yn de wrâld. Mar ek oer de ûnderlizzende wearden, autentisiteit en eigensinnigens. De kolleksje fan it museum is it útgangspunt: it swurd fan Grutte Pier, âlde kostúms, boaiemskatten út de Fryske terpen, de neilittenskip fan Mata Hari, skilderijen fan Gerrit Benner, hjoeddeistige byldzjende keunst en de film De Overval: mei-inoar fertelle se it ferhaal fan Fryslân.

iepeningstiden

tiisdei o/m snein 11.00 - 17.00 oere

besykadres

Fries Museum, Wilhelminaplein 92, Ljouwert

Sjoch foar in komplett oersjoch fan ús aktiviteiten en tentoanstellingen en foar ús foardielige arranzjeminten op op www.friesmuseum.nl.

Frisismen

“De kinderen zijn bedorven.”

- de bern binne bedoarn - - de kinderen zijn verwend

“Zit niet zo te bargaen.”

- sit net sa te bargjen - - zit niet zo te morsen

“Ik heb de put eruit.”

- ik ha de put der út - - ik heb het werk af

“Ik ben uit de lijen.”

- ik bin út de lijen - - ik ben doodmoe

“Daar kan ik niet over.”

- dêr kin ik net oer - - daar kan ik niet tegen

“Hij is wat half.”

- hy is wat heal - - hij voelt zich niet zo lekker

“Ik heb drie neven op de kamer.”

- ik ha trije neven op 'e keamer - - er zitten drie muggen op mijn kamer

Juny - jûn (Engele Wynsma út: “Wynfearen”)

*It fjild hat no de rêst wer fûn
foar hjoed is 't wurk wer dien;
de swietrook fan it wyljend gers
driuwt oer it wetter; klear as glês
leit no de Houtwiel tusken 't grien
op dizze mylde juny-jûn.*

*Sa is 't hjir wylst de skimer falt
oer fjild en fee en krûd;
hoewol't men mient dat alles swijft
klinkt hommels, earne út it reid,
in dof en ûnheilwytgjend lûd,
want hark, de reiddomp balt.*



Resept

Salade fan sâlte hjerring mei reade biten, appels en jirpels

200 gr koart seane jirpels yn blokjes; 100 gr appels yn blokjes; 100 gr seane reade biten yn blokjes; 100 gr augurk yn blokjes; 1/4 sipel tige fyn; 4 hjerrings yn blokjes; 1 hjerring foar garnearing; 1 komkommer yn tinne skyfkes; 2 hurd seane aaien; mayonêze; saladedresing.

Skyl de jirpels en snij se yn lytse blokjes. Sied de jirpelblokjes oant se mar krekt gear binne, ôfdroegje en kâld wurde litte. Snij de reade seane bytsjes, augurk en hjerring yn gelikense blokjes. Doch alle yngrediïnten foarsichtich troch elkoar. Lekker meitsje mei sâlt en piper út de mole dan de saladedressing en de fyne sipel dertoch dwaan. Lis de tinne skyfkes komkommer op in board en en doch dêr de hjerringsalade boppe-op. Mei in “likje” mayonêze, in garnearing fan lange reapkes hjerring en in sean aai kinne je der in prachtich gehiel fan meitsje.

□ Oernommen út “Lekker ite mei Reitse”

Tiden hawwe tiden

Eartiids koe de boat fan it Amelân soms net oanlizze by Holwert, as der te min wetter stie. It lêste stik yn't skouke en dan op 'e haaiwein.



Boekenijs

De wûndere leafde fan Emine en Einte, Willem Verf. It boek giet oer twa persoanen út in boek fan Verf dat yn 2013 ferskynde. Dat ferhaal hie in iepen ein. De skriuwer fynt dat er de persoanaazjes net sa ûnbestimd hingje litte koe. Einte is de soan fan in Fryske mem en in Surinaamse heit. Hy is grutbrocht troch syn mem en pake. Emine is yn Dútslân yn in Turkse emigrantehúshâlding grut wurden. Se moetsje elkoar opnij yn Istanbûl. *Priis: 26,50.*

Erfskip, de saga fan Ubba Skilding, Willem Schoorstra. De haadrol yn dit boek is foar Ubba Skilding, in Fryske fjochtersbaas út de midsiuwen, dy't ferbanne wie nei Denemarken. Hy wurdt earst oanpakt fanwege syn rôvjnen en moardzjen, mar letter jout de kening him in foaroansteande posysje as kriichsman by him oan it hôf. Soks barde wol faker; in goede fjochtersbaas wie altyd wolkom. *Priis: 22,50.*

*Wa't mei bûgde holle
troch it libben giet
sjocht inkeld stjerren
as er tsjin in muorre rint*

(Folkert Verbeek)

List, Lust en Leafde, Sjieuwe Borger. It boek giet oer it echtpear Douwe en Reinou. Nei jierrenlang yn 'e drokte fan 'e stêd ferkeard te hawwen, krijt Douwe hieltyd mear langstme nei it oersichtlike libben op in doarp sa't er dat út syn bernjierren ken. Hy hopet dat it doarp Reinou ek goed dwaan sil en dat it har mooglik fan 'e drank ôf helpt. *Priis: 19,95.*

Blyn rjocht, Pyt Damsma. Ids Sytswerda is blyn. Hy is rjochter yn oplieding en hy wit him tegearre mei syn blinehûn Kjeld prima te rêden, op syn wurk en thús. Syn frou Minke is dokter yn it sikehûs. Tegearre ha se in moai libben, mar se ha ien grutte winsk, dy't net yn ferfolling gean kin; in bern fan harren sels. *Priis: 21,50.*

Oer de streek, Geart Tigchelaar. Dichtbondel mei gedichten dy't Geart Tigchelaar makke hat yn it noardeasten fan Fryslân, nei oarin fan fytstochten dy't er dêr makke hat. Mei moaie bypassende foto's. *Priis: 15,00.*

Schilders van het Friese land, Hans Dijkstra. In oersjoch fan 150 keunstners dy't it Fryske boerelibben en it plattelân fêstlein ha. Sintraal steane de boer, it lânskip, de bisten en de gebouwen. In Nederlânske en in Fryske edysje. *Priis: 24,95.*

□ Ali Bonhof

Witte jo dat

- it ynterieur fan de grutte R.K. Werenfridustsjerke út 1877 yn Warkum hielendal sloopt wurdt? Yn de tsjerke, en mei tún en pastorij, komme 32 soarchwenningen. Under oaren it oargel en de preekstoel wurde oerbrocht nei de R.K. Sint Urbanus kerk yn Amstelveen, dy't yn 2018 foar in grut part ôfbrânde.
- Kening Willem-Alexander en keninginne Maxima yn twa dagen in besite brocht ha oan alle Waadeilannen? Fansels gie it oer in goede berikberheid (de fargeul nei it Amelân slibbet aldedegurigen ticht) en oer hoefolle toeristen kin de lytse eigen befolking en de natoer oan.
- it needlijende iisstadion Thialf 2,5 miljoen euro út Den Haach kriget foar in “energryhub”? Mei dizze superbatterij kin Thialf mei de eigen sinnepanielen stroom opslaan en dermei de eksploitaasje rûn krije.
- de ferneamde stedsomropper fan Sleat, Pieter Haringsma (78 j.), nei rom 40 jier syn funksje del leit? Hy hat in soad prizen wûn; hy waard yn 1987 al Nederlânsk kampioen. Der komt in opfolger foar him!
- Kening Willem-Alexander syn alvestêdekrúske ek wer op hie by de kroaning fan de Ingelske kening Charles?
- jo je noch opjaan kinne foar it Kritereiske op 12 septimber en ek noch foar it 100 jierich bestean fan it Frysk Boun om Utens op 16 septimber?
- wy it moai fine soene as nije kriteleden leden of famyljeberjochten trochjûn wurde oan de redaksje?
- wy efter op dizze Twirre wer in foto fan in plak yn Fryslân ha? Witte Jo, wêr't er makke is? By de namme fan it doarp soenen je tinke kinne dat it famylje is fan Appelskea. De foarige kear Hylpen, de mannen sitte kreas op 'e muorre by it brechje, de measten mei pet en klompen.

Fan't bêd ôf

De frou stiet ûnder oan 'e trep te roppen: “Harry, no moastst der út komme. Sjit op, fan't bêd ôf. Do moastst nei skoalle!”

“Ah mem, ik ha hjoed echt gjin nocht om nei skoalle. Ik bliuw lizzen.”

“Harry, anst reagje ik dy der mei de biezem út. Fuort, sjit op!”

“Ik wol net. De learlingen ha in hekel oan my, de leararen ha de pest oan my. Jow my ien goeie reden wêrom't ik nei skoalle ta moat.”

“Harry, harkje, do moastst nei skoalle. Do bist úteinlik de direkteur!”



Fryske boek- en kadowinkel

Boterhoek 3, Ljouwert
(058) 234 30 70
ynfo@afuk.frl
websjop.afuk.frl



@/stichtingafuk f /stichtingafuk

Websjop 24/7 iepen!

afûk

Wolkom

Yn de Afûk Fryske boek- en kadowinkel fynst de moaiste boeken yn en oer it Frysk en Fryslân, mar ek in grut ferskaat oan oare produkten, lykas Fryske kreamkadootsjes, cd's en dvd's, sûveniers, aansichtkaarten en kado-artikels.



Echte Bakker Wouda Hengelo

- Lekkere krentenwegge
- Fryske sûkerbôle
- Oranjekoeken



**Wouda
De Echte Bakker**

Hengelo

Winkelcentrum Hengelose Esch, tel (074) 291 30 58
Winkelcentrum Hasselo, tel (074) 277 36 09
Winkelcentrum Slangenbeek, tel (074) 250 46 63

